

# FEEST-AVOND

TER EERE AAN DEN JUBELARIS

## C. WIELSMA,

21 September 1863 — 21 September 1888, op 10

October 1888, 's avonds 7 ure,

### PROGRAMMA.

- |                                   |            |
|-----------------------------------|------------|
| 1. ZANG.                          | 4. ZANG.   |
| 2. UTR. GESCHENK.                 | 5. TOASTEN |
| 3. TOESPRAAK.                     | 6. ZANG.   |
| 7. OPVOERING VAN HET TOONEELSTUK. |            |

## Liefde en Pensioen,

blijspel in 2 bedrijven.

### Personen.

- Doortje Koenkel, een ongehuwde dame  
(50 jaar.) . . . . . Mej P. Hiemstra.  
Floortje Koenkel, hare zuster (45 jaar.) " H. Bouma.  
Anna, hare nicht (18 jaar.) . . . . . " G. Sijbesma.  
Moortje, eene bejaarde dienstbode bij  
de dames Koenkel . . . . . " D. Roodbergen  
Poedel, een oud militair, boodschaplooper  
bij de dames Koenkel. . . . . de Hr. J. Elsinga.  
Baron Glumer, gepen. luitenant (50 jaar.) " D. Looijenga Jr  
Van Stokman, gepen. majoor (55 jaar.) " J. Bouma Jr.  
Dalberg, een rijk grondeigenaar . . . " C. de Groot.

### VOORDRACHTEN.

## BAL.



H. 564<sup>c</sup>

# Feestliet.

Wîze: *De Terp.*

---

Lit ùs nou iis fleurich sjonge,  
Bergje nou de soargen wei,  
'Tink wer oan jimm' jonge jirren,  
Meitze 't blide berntsjes — dei;  
Libje nou wer yn dy tiid,  
Fol fen nocht en frij fen striid.  
O, hwa wit it noch net skoan,  
Hwet ha wij wol wille hawn!

Ja! 't is wier, men moast nei skoalle,  
Leare, leare, wier 't aloan,  
Mar dat wie ùs lang gjin straffe  
Dêr foldie 't ùs ek al skoan,  
Master **WIELSMA** soarge der,  
Det elk kaem der graech wol wer;  
En wie 't al det ien 't bidoar  
Straffe kaem oan 't rjocht kantoar.

Nou binn' lang forlein dy dagen,  
Mar det wy ùs fleurich sin  
Yet sa lang biwarre hawwe,  
Yet sa fleurich sjonge kinu:  
Dat komt om 't ùs bernetiid  
Fleurich makke waerd en bliid,  
En elts stimt it grif wol ta:  
d' Ear moat master **WIELSMA** ha.

O. H. S.



## No. 2.

Wize : *O, rôlje oer bou en griden.*

Kom , lit ûs fleurich sjonge ,  
Dizz' joun bringt wille oan ,  
Helje op mei kleare stimme  
Sjong lûd al wirdt it moarn ,  
Tink oan de man dy 't even  
De earste grounen lei  
Fen rekk'njen , lêzen , skriuwen ,  
Sjong nou ris fleurich mei.

Hwet hat hij oan de Grousters  
Wol mannich sangkje jown ,  
Dy 't yn ûs Frijske sprake  
Ljeaf klinke gol en roun.  
De bern betocht er tige  
Syn rimen liet it sjên ,  
Yn mannich berne — sangkje  
Aef yn zyn : „For 'e bern.”

Tink oan 't St. PETERS-sangkje  
Yn Grou yet sa beromd  
Oan Matzen , aef mear oaren ,  
Aef : 't Is fen Adam komd.  
Hwet ha de feinten , fammen  
't Faek songen mei plesier  
Hwet koe min wille smetze  
Hwet brocht sa 'n sangkje in tier.

Wij wolle WIELSMA tankje  
For alles hwet hij die ,  
En meimekoar him priisgje  
For hwet yn Grou hij wie.  
Lang mei C. WIELSMA libje ,  
Hij bliuw de rom fen Grou ;  
Syn sangen seil w' ûnthalde ,  
Us herte bliuwt him trou.

---

### No. 3.

Wize: 'k *Wyt ien dei yn 't jier.*

---

Der kaem yn dit jier,  
In dei fen plesier,  
September dy brocht ùs die moaje dei.  
Lang wie er oer toecht,  
Hwet Grouwster wie brocht:  
Der ta ek zijn diel for dit teestje mei

In tiidlang oanien,  
Hat 'n Master hjir stien,  
Dy 't card wirdt, en achte bij Jong en Ald.  
Hy fielde him thûs,  
Yn Grou, en by ùs  
Is nimmen dy 't hjir ek net fen him haldt.

Yn skoalle naem hij  
Us hert yn, en wij  
Wy learden mar tige hwet nuttich wie,  
Al koen' wy as bern  
Sims 't goede net sjen;  
Nou tankje wy him for zyn goede rie.

De tiid bring him mei  
Mannich fleurige dei,  
Syn wiif en syn bern diele mei yn 't lok;  
Yn skoalle bliuw hij  
Lang master, en wij  
Wy meitse joun wille; 't kin net to drok.

GROU.

U. W. BOONEMMER.

---